

## FOFMULIER OM IT HILlich NACHTMIEL TE FIEREN (2)

Gemeente fan ús Hear Jezus Kristus,

### *Ynstelling*

De apostel Paulus beskriuwt de ynstelling fan it hillich nachtmiel sa:

*Want sels haw ik by oerlevering fan de Hear ûntfongen, wat ik jimme wer trochjûn haw. De Hear Jezus naam yn 'e nacht, dat er oerlevere waard, brea; en nei't Er tanke hie, breek Er it brea en sei: Dit is myn lichem foar jimme. Doch dat ta in oantinken oan My. Allyksa naam Er ek de beker, nei it iten en sei: Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed. Doch dat, sa faak jimme derút drinke, ta in oantinken oan My.*

En dan giet hy fierder:

*Want elke kear, dat jimme fan dit brea ite en út 'e beker drinke, ferkundigje jimme de dea fan de Hear, oant Er komt. Dêrom, wa't op in ûnweardige wize fan it brea yt of út 'e beker drinkt, dy besûndiget him oan it lichem en it bloed fan de Hear. In minske moat himsels dus ûndersykje en sa fan it brea ite en út 'e beker drinke. Want wa't yt en drinkt sûnder der mei te rekkenjen, dat it it lichem fan de Hear is, hellet mei sok iten en drinken in oardiel oer himsels.<sup>1</sup>*

### *Jinsels toetse*

De Hear brûkt dit nachtmiel om ús leauwen sterker te meitsjen. Om dat te berikken moatte wy ússels toetse. Ast dysels toetst, moatst earst neitinke oer dyn sûnden en ta it besef komme dat God mei reden liik op dy is. Om dy sûnden krigest in hekel oan dysels en witst dy hiel lyts foar God. Fierders moatst dy ôffreegje ofst fertrouwt op de belofte fan God dat Hy al dyn sûnden ferjûn hat allinne omdat Kristus foar dy stoarn is. As beslút moatst dy ôffreegje ofst fan doel bist foar toan tankber<sup>2</sup> en oprjocht mei God te libjen.<sup>3</sup> Bist fan herten ree yn leafde en frede mei dyn meiminsken om te gean?

### *Utnoeging en weromwizing.*

God wol elk dy't troch de wurking fan de hillige Geast fertriet hat oer syn sûnden wis yn genede oannimme. Ast mei hiel it hert ferlangest tsjin dyn ûnleauwen te striden en neffens al Gods geboaden te libjen, wol Hy dy graach oan de tafel fan syn Soan Jezus Kristus ûntfange. Dêr meist wis fan wêze, al hast

---

<sup>1</sup> 1 Kor. 11:23-29

<sup>2</sup> Rom. 12:1,2

<sup>3</sup> Gen. 17:1

sûnder it te wollen noch sûnden en swakheden . Mar foar elk dy't gjin berou hat en him net bekeare wol, klinkt dizze warskôging: bliuw wei fan it nachtmiel, oars straft God dy noch swierder.

### *Kristus betinke*

Kristus hat ús hjitten dizze mieltyd te hâlden om Him te betinken<sup>4</sup>. Dêrom betinke wy dat ús Hear Jezus Kristus troch de Heit yn dizze wrâld stjoerd is. It Wurd is minske wurden.<sup>5</sup> Fan it begjin oant de ein fan syn libben op ierde hat hy foar ús de grime fan God droegen<sup>6</sup>, dêr't wy foar ivich ûnder beswike moatten hienen. Bûcht ûnder de swiere druk fan ús sûnden en fan Gods grime wie hy yn de olivehôf Getsemane deadlik drôvich<sup>7</sup>, sadat it swit yn grutte drippen as bloed op de grûn foel<sup>8</sup>. Dêr liet hy him yn boeiens slaan<sup>9</sup> om ús frijút gean te litten. Hy waard ûnskuldich ta de dea feroardiele<sup>10</sup>, sadat wy foar Gods rjochterstoel frijsprutsen wurde soenen. Ja, Hy hat syn lichem oan it krús spikerje litten en sa de flok dy't op ús lei op him naam<sup>11</sup> om ús mei syn segen te ferfoljen. Hy is troch God ferlitten<sup>12</sup> sadat God ús oannimme en hy ús nea mear ferlitte soe. As lêste hat hy mei syn dea it ferbûn fan genede en fersoening foar ivich bekrêftige<sup>13</sup>, doe't hy útrôp: " It is folbrocht !"<sup>14</sup>

### *Fersekering*

Alle kearen dat wy fan dit brea ite en út dizze beker drinke, wurdt ús de trouwe leafde fan Kristus sjen litten en op it hert bûn. Hy hat him ommers earst foar ús oan it krús yn de dea jûn.<sup>15</sup> No stillet hy ús geastlike honger en toarst<sup>16</sup> mei syn lichem en bloed sadat wy ivich libje. Dat is like wis as dat wy dit brea ite en út dizze beker drinke.

---

<sup>4</sup> 1 Kor. 11: 24,25

<sup>5</sup> Joh. 1:14; Gal. 4:4

<sup>6</sup> Jes. 53: 4; Rom. 3:25

<sup>7</sup> Mk. 14:34

<sup>8</sup> Luk. 22:44

<sup>9</sup> Joh. 18:12

<sup>10</sup> Luk. 23:14

<sup>11</sup> Gal. 3:13

<sup>12</sup> Mk. 15:34

<sup>13</sup> Hebr. 9:15

<sup>14</sup> Joh. 19:30

<sup>15</sup> Luk. 22:19

<sup>16</sup> Joh.6:51

### *lenheid*

Troch syn dea hat Kristus ek it rjocht krige de libbenmeitsjende Geast<sup>17</sup> oan ús te jaan. Troch dy Geast ferbynt Hy ús oan himsels, sadat wy mei Paulus sizze meie *Mei Kristus bin ik oan it krús slein, 20en sels libje ik net mear, mar it is Kristus dy't yn my libbet*.<sup>18</sup> Troch dy Geast lit hy by ús fruchten groeie fan leauwe, hoop en leafde.<sup>19</sup> Troch dyselde Geast ferbynt hy ús ek meiinoar yn echte leafde as parten fan ien lichem, want de apostel skriuwt: *Om't it ien brea is binne wy, hoe machtich ek, ien lichem, want allegearre hawwe wy diel oan it iene brea*<sup>20</sup>. Dêrom binne wy meiinoar ien lichem en moatte wy ús ynspanne inoar yn leafde te tsjinjen<sup>21</sup>, mei wurd én died.

### *Ferlangst nei Kristus' weromkomst*

Kristus hat ús de opdracht jûn it nachtmiel te fieren, oant hy komt<sup>22</sup>. Oan syn tafel krije wy alfêst in foarpriuweke fan de oerweldigjende blydskip dy't hy beloofd hat. Fol ferlangst sjogge wy út nei syn ferskinning fol fan pracht, nei de brulloft fan it Laam<sup>23</sup>, dêr't hy opnij wyn mei ús drinke sil<sup>24</sup> yn it keninkryk fan syn Heit. Lit ús bliid wêze en feestfiere en him de eare jaan, want de brulloft fan it Laam komt.

### *Gebed*

Us God en Heit, wy tankje jo hertlik foar jo genede. Al joegen wy as minskheid jo gjin inkele reden om barmhertich foar ús te wêzen, dochs hawwe jo ús jo iennichstberne Soan Jezus Kristus as offer foar ús sûnden en himsels as iten en drinken jûn. Wurkje yn ús troch jo hillige Geast en jou dat wy ús almear oan jo Soan Jezus Kristus tabetrouwe troch dit nachtmiel te fieren. Fied ús mei him, it brea út de himel, en jou dat wy net mear yn ús sûnden libje, mar dat hy yn ús libbet en wy yn him. Lit ús almear groeie yn it nije ferbûn yn Kristus' bloed. Dan binne wy der wis fan dat jo foar altyd ús genedige Heit binne, dy't ús de sûnden noait mear oanrekkenet en foar ús soarget mei alles foar lichem en siel. Jou dat wy fol goede moed ús krús op ús nimme, dat wy ôfsjogge fan ússels en iepenlik útkomme foar ús rêder. Lear ús yn alle muoite en fertriet mei in opheve antlit ús Hear Jezus Kristus út de himel te ferwachtsjen. Hy sil ús

---

<sup>17</sup> Joh. 6:63; 2 Kor. 3:6

<sup>18</sup> Gal. 2:20

<sup>19</sup> Gal. 5:22,23; 1 Kor. 13:13

<sup>20</sup> 1 Kor. 10:17

<sup>21</sup> Gal. 5:13

<sup>22</sup> 1 Kor. 11:26

<sup>23</sup> Iep. 19:6-9

<sup>24</sup> Mk. 14:25

jammerdearlik lichem feroarje en it deselde foarm jaan as syn hearlik lichem<sup>25</sup> en ús foar altyd by him nimme.

*Dit gebed wurdt ôfsletten troch it Us Heit, sprutsen of songen.*

### *Opwekking*

Om mei it wiere brea út de himel, Kristus sels, fiede te wurden moatte wy net allinne nei dit brea en dizze wyn sjen. Wy moatte krekt oarsom, sjen nei Jezus Kristus, dy't oan de rjochterhân fan syn Heit yn de himel<sup>26</sup> foar ús pleitet.<sup>27</sup> Lit ús foarfêst leauwe dat wy troch de wurking fan de hillige Geast syn lichem en bloed geastlik te iten en drinken krije.

### *Fiering*

*By it brekken en útdielen fan it brea seit de foargonger:*

It brea dat wy brekke, makket ús ien mei it lichem fan Kristus. Nim, yt, betink en leau, dat it lichem fan ús Hear Jezus Kristus jûn is om al ús sûnden folslein te fersoenjen<sup>28</sup>.

*En as hy de beker jout:*

De beker mei wyn, dêr't wy God foar loovje en tankje, makket ús ien mei it bloed fan Kristus. Nim, drink allegearre dêrút, betink en leau, dat it kostbere bloed fan ús Hear Jezus Kristus útgetten is om al ús sûnden folslein te fersoenjen<sup>29</sup>.

*By de geande fiering kinne dizze wurden kombinearre wurde ta:*

It brea dat wy brekke, makket ús ien mei it lichem fan Kristus. De beker mei wyn, dêr't wy God foar loovje en tankje, makket ús ien mei it bloed fan Kristus. Nim dit brea en dizze beker, yt en drink, betink en leau dat ús Hear Jezus Kristus syn lichem en bloed jûn hat om al ús sûnden folslein te fersoenjen.

*Under de fiering kin lêzen, songen of muzisearre wurde.*

*By de tanksizzing kin men kieze út de folgjende alternativen of se allebeide brûke.*

---

<sup>25</sup> Fil. 3:21

<sup>26</sup> Kol. 3:1,2

<sup>27</sup> Rom. 8:34; Hebr. 7:25

<sup>28</sup> 1 Kor. 10:16; Mt. 26:26; Luk. 22:19; Gal.1:4

<sup>29</sup> 1Kor. 10:16; Mt. 26:27,28

### *Tanksizzing (1)*

Dierberen yn de Hear, de Hear hat oan syn tafel ús djipste wêzen fied. Lit ús dêrom meiinoar syn namme mei tanksizzing priizje.

*Lit al wat yn my is de Heare loovje, it djipste fan myn wêzen syn hillige namme priizje.*

*Lit al wat yn my is de Heare loovje, en net ien fan syn woldieden ferjitte.*

*Al dyn sûnden ferjout Er, fan al dyn kwalen makket Hy dy better.*

*Dyn libben keapet Er los út it grêf. Hy kroanet dy mei geunst en erbarming.*

*Barmhertich en genedich is de Heare, geduldich en fol fan geunst.*

*Hy sil net einleas stride, Hy wol net ivich lik bliuwe.*

*Hy docht ús net neffens ús sûnden en ferjildt ús net neffens ús skuld.*

*Want sa heech as de himel is boppe de ierde, sa heech stiet syn geunst oer dy't Him freezje.*

*Sa fier as it easten leit fan it westen, sa fier docht Er ús sûnden by ús wei.*

*Lykas in heit begrutsjen hat mei syn bern, hat de Heare begrutsjen mei dy't Him tsjinje.<sup>30</sup>*

### *Tanksizzing (2)*

Barmhertige God en Heit, jo allinne komt ús tank ta, no't wy fan it brea iten en fan de wyn dronken hawwe, om te tsjûgjen dat wy allinne rêden wurde troch de dea fan ús Hear. Wy loovje jo, omdat wy troch jo hillige Geast de blydskip ûnderfine mochten dy't de bân mei jo Soan en mei elkoar jout. Wy bidde jo: jou dat wy mei hiel ús libben sjen litte jo en elkoar fan herte leaf te hawwen, no't wy yn ús leauwen sterker makke binne troch de fiering fan dit nachtmiel. Lit ús úthâlde it weromkommen fan ús rêder te ferwachtsjen, dy't ús tasei opnij wyn mei ús te drinken yn jo keninkryk. Jo, Heit, wês de lof, en jo Soan en de hillige Geast, no en yn ivichheid. Amen.

---

<sup>30</sup> Ps. 103:1-4, 8-13